



André & Alfred

De bêste útfiner

De minske hat der net altyd al west. Foar der minsken wiene, hiest dinosauriërs. Mar doe't in komeet út 'e romte op 'e ierde delstoarte, stoaren de dino's. Doe kaam der de prehistoarje, mei de earste minsken. Wy reizgen ôf nei it sturtsje fan de prehistoarje, nei it jier 3437 foar Kristus.

Ik frege my ôf oft de minsken yn 'e prehistoarje wol prate koene? Yn films sjochst wolris dat se allinne mar fan dy 'oerlûden' meitsje, lykas 'waa-hoe' of 'nje-haaa'. Mar al frij gau kaam ik der achter dat se doe hiel goed prate koene, té goed miskien sels... De man en frou dy't wy moeten, wiene hieltyd as hinnen oan it kibbeljen.

As earste hiene buorman en buorfrou spul oer wa't de bêste beker makke hie. De frou sei dat har beker better wie, wylst de man syn beker better fûn. Ik snapte de rûzje net. Mar no wit ik dat de nammen fan de bekers te krijen hawwe mei de nammen fan de folken dy't der yn de prehistoarje wiene. Yn Fryslân libbe yn de prehistoarje it Trechterbekerfolk. Myn juf seit dat se sa neamd wurde om't sy bekers makken dy't de foarm fan in trechter hiene. Mar letter kamen der ek de minsken fan it stânfuotbekerfolk, sy hiene bekers mei stânfuotsjes, en dêrtroch bleaune se hiel goed stean. Bysûnder dat je oer bekers rûzje meitsje kinne, dochs?

ANDRÉ'S FERHAAL





André & Alfred

De bêste útfiner



Simpele dingen as in beker betsjutten yn 'e tiid fan 'e buorman en buorfrou in wrâld fan ferskil. Tink dy ris yn datst beien oan it sammeljen bist, mar neat hast om it yn te dwaan. En hoe soe dat dan mei kowemolke gean ast gjin beker hast; moatst dan sa út 'e ko wei drinke? Hoe ûnhandich?!

Doe't wy buorman en buorfrou fregen fjoer te meitsjen, frege de frou de god fan 'e tonger om fjoer. Yn 'e prehistoarje hiene minsken net ien god, mar in hiel soad goaden. De god fan 'e himel, fan it wetter, de dea, fan 'e dieren, foar alles hiene se wol in god. As der ien siik wie bygelyks, dan fregen se de goadinne fan de sûnens om krêft te jaan.

Yn Fryslân en oeral op 'e wrâld hawwe minsken hiel lang yn meardere goaden leaud. Eins wol aardich dat je eartiids foar elk dinkje in oare god hiene. Ik soe wol in kaugomgod ha wolle. Dan kin ik hiele grutte kaugombellen blaze, sa grut as in loftballon.

Al dy ferskillende goaden wiene wichtich foar de minsken yn 'e prehistoarje. De minsken dy't yn goaden leauden, diene ek faak spesjale rituelen. Sa waarden yn it grêf fan deade minsken dingen lein dy't de deade brûke koe op syn reis nei de goaden (potten mei iten, sieraden, ark). Yn Fryslân binne der noch âlde grêven te finen dêr't se sokke dingen yn leine. De man en de frou lizze wierskynlik ek earne yn sa'n grêf, al tûzenen jierren fuort te rotsjen...

André





André & Alfred

De bêste útfiner



1

Leuk om te dwaan!

OPDRACHT 1

Ast werom tinkst oan de ôflevering, wa hie in stânfuotbeker en wa hie de trechterbeker? Tekenje ek dyn eigen betochte beker en betink dêr in namme foar.



3



André & Alfred


De bêste útfiner

ALFREDS ûNDERSYK

De minsken yn 'e prehistoarje libben simpel en hiene mar in bytsje spullen. Se wennen yn tinten, of yn hutten. En se moasten somtiden hiel fier reizgje om nei oare gebieten te gean. Har wrâld wie hiel oars as uzes. Gjin gebouwen, gjin wegen, gjin meutes fan minsken. Foar harren wie de wrâld allinnich mar natuer.

De prehistoarje is tige bekend fan de tekeningen dy't se yn'e grotten makken. Der binne hiele bekende tekeningen fan bizons, hynders en harten. It bysûndere deroan is dat it de âldste keunstwurken fan de wrâld binne. Sommige binne wol tritich tûzen jier âld. Sommige minsken sizze dat se dizze makken, omdat se yn de prehistoarje benaud wiene foar wylde bisten. Troch de bisten te tekenjen, hopen se har eangst minder grut te meitsjen. Dat snap ik wol. Stel datst alle dagen libbest tusken de mammoeten, wolven en slangen, soest der benaud fan wurde dochs? Oare minsken sizze wer dat dizze tekeningen makke waarden troch toveners. Sy krigen fisioenen, fan dy bysûndere dreamen, en tekenen dy dêrnei op de muorre.

Earst wiene der yn de prehistoarje de jager en samlers. Sy jeiden op bisten en sammelen fruchten, nuten, krûden en oar iten dat je direkt út de natuer helje. Dat liket my ek wol wat, gewoan dyn eigen iten sammelje. Dan hoechst net nei dy drokke supermerken ta, mar smikkelst gewoan sa út de natuer.





André & Alfred

De bêste útfiner



Alfred

De jager-samlers lutsen fan plak nei plak. Eins wiene se altyd op fakânsje. Mar omdat se altyd ûnderweis wiene, koene se net safolle spullen meinimme. Se namen mei wat se drage koene. Mar op in stuit besleaten minsken yn de prehistoarje iten te ferbouwen, yn stee fan te sammeljen. Se waarden boer. It iten dat se ferbouden op har lân, bewarren se yn potten en bekers. Krekt as de minsken dy't wy tsjinkamen! Ek soene se bisten brûke foar molke, fleis of foar it dragen fan spullen, yn stee fan op se te jeien. No hiene se alles wat se nedich hiene om te oerlibjen, tichteby hûs. En hoegden se de hiele wrâld net mear rûn te lûken.

It joech de minsken wierskynlik mear rêst, sa stel ik my foar. De minsken hiene mear wissichheid. Se hoegden net mear lange ôfstannen ôf te lizzen, hiene har eigen hûskes en koene iten foar langere tiid bewarje. Mar je hawwe dan net mear de aventoeren yn de wylde natuer. Net nachts mear sliepe om in kampfjoer hinne, net mear moarns de mammoetjachten en net mear de spanning oft se harren sliepplak noch foar de sinne-ûndergong helje sille.

Ek tink ik dat it libben yngewikkelder waard. It wie hiel hurd wurkjen op it lân. En dêr 't jagers en samlers alles dielden, diene de boeren dat net. Sommige boeren waarden riker as de oar en dan waarden se jaloersk op elkoar. Mar ja, dan tink ik: dat dogge we noch altyd! Dus wat is der eins feroare?

ALFRED





André & Alfred

De bêste útfiner

2

OPDRACHT 2

Stel datsto in jager-samler wiest, hoe soest dan oan dyn iten komme?
Tekenje dat.

